

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2007**

080220

**Ynlieding**

It wie foar it bestjoer wer in tige bannich jier. Mei in bytsje minsken is in protte wurk ferset. Wy hawwe it gat dat fallen is nei it hommels fersterren fan Rindert Straatsma yn 2006, noch net opfolje kinnen. Syn kennis, kundigens en ynsjoch misse wy noch alle dagen. De oprop om fersterking yn de rin fan it ferslachjier hat yn alle gefallen gjin nij bestjoerslid opsmiten. Wy hawwe dat besocht te ûnderfangen troch nau gear te wurkjen mei Renze Valk en Jaap van der Bij fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en mei Pier Bergsma fan it *Pedagogysk Wurkferbân* (FA).

Mei help fan harren en fan Reinier Salverda fan de Fryske Akademy hawwe wy yn it ferslachjier in wiidweidich 'Oanfalsplan Frysk' skreaun en oan de Fryske Steaten oanbean. Wy hawwe der, mei stipe fan oare Fryske organisaasjes, ek sterk op oanstien dat de âld-ûnderwizer, âld-sjoernalist en histoarikus Kerst Huisman in sit krige yn de Fryske Kanonkommisje. Sa'n soarte fan kultuer-pedagogyske komisje hat de *FFU* al jierrenlang bepleite. Us hjoeddeiske skriuwer hat dêr sûnt 1997, dus al tsien jier lang, op alle mooglike wizen foar krewearre yn de seksje Frysk fan de *Feriening fan Learaars yn Libbene Talen* (VLLT) en letter yn de *FFU*. De oanhâlder wint ek wolris. No mar ôfwachtsje wat de fertuten wêze sille.

Fierwei it grutste part fan wat wy by de ein hân hawwe, is oan te klikken op ús webstek ([www.fryskebeweging.nl/ffu](http://www.fryskebeweging.nl/ffu)). Dat is yn it ferslachjier fierder ûntwikkele en wurdt geregeld rieplachte troch minsken dy't nijsgjirrich binne nei it plak fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis en oare domeinen en nei wat wy dêryn ferbetterje wolle. It webstek wurdt fersoarge troch Hiemstra sr. en jr. De earste riedt foar de ynhâlden ('kontentmanager') en de kwaliteit fan de taal dêrfan en de lêste foar it flot pleatsen fan dy ynhâlden op it net ('webmaster'). Dêr kriget Hiemstra jr. it minimumlean foar op oerebasis. Omdat er yn 2007 in nije baan krige hat, hat de uterlike fernijing fan ús stek syn beslach noch net krige. Dat sil foar 't neist yn 2008 wêze.

Yn dit ferslachjier jier hawwe wy de earste stappen set om ta in *Fryske Underwiispriis* te kommen, mar troch it omtinken dat oare saken fregen, is dat noch lizzen bleaun. Dêr moat yn 2008 mear faasje efter set wurde.

Omdat wy gjin rike feriening binne en gjin subsydze krije, moatte wy alles dwaan om de kosten sa leech mooglik te hâlden. De sinten moatte dus benammen stutsen wurde yn aksjes en aktiviteiten dy't ús doel direkt stypje. De bestjoersleden krije allinnich in beskieden fergoeding foar reiskosten.

Yn ús ferslach hâlde wy suver deselde yndieling oan as it foargeande jier.

**A. Bestjoer**

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2007 út: Th. Dykstra (foarsitter), S.T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen), Th. Van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), G. Gerbrandy. Der is noch in fakatuere dêr't yn foarsjoen wurde moat en fersterking mei noch in bestjoerslid is altiten wolkom. Wy sykje minsken dy't in goed en ferantwurde plak fan ús taal yn it ûnderwiis neistribje wolle om yn oparbeidzjen mei oaren alle ynformaasje oer it Frysk as doel en middel te sammeljen en kreatyf om te setten yn konkrete aksjes. Juridyske belangstelling is in pree.

Wy hawwe ek ferlet fan minsken dy't bûten it bestjoer meiwurkje wolle oan it sinjlearjen fan misstannen yn it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer dy't oanpakt wurde moatte (swartboek-gefallen) en dêrfoar aksje fiere wolle en fan minsken dy't der mei ús foar soarge wolle dat der in ûnderwiispriis komt foar minsken en organisaasjes dy't it Frysk tige befoarderje (wytboek-gefallen).

Yn 2007 kaam it bestjoer acht kear gear. As der neat efter de data stiet, wie it gearkomsteplak lykas wenst wer by Klaske Straatsma te Ljouwert. Data: 15 maart (Dokkum), 19 april, 24 maaie, 14 juny, 9 july, 23 aug. 25 okt., 29 nov. 2007. Wy binne der tankber foar dat Klaske ús op dy jûnen (wer) let en set hat.

De taakferdieling binnen it bestjoer is it hiele jier net feroare. Dykstra en Hiemstra fertsjintwurdigen de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Omdat de Ried yn syn nije struktuer noch mar ien fertsjintwurdiger brûke kin, is Dykstra tenei de fertsjintwurdiger foar de *FFU*. Ein 2007 is Hiemstra foar de *Fryske Rie*, dêr't er bestjoerslid fan is, wer yn de *Ried fan de Fryske Beweging* beneamd nei't de *Fryske Rie* him yn 2007 oansletten hie by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Dykstra sit foar de *FFU* yn it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Fryksinnige organisaasjes dy't



better mei-inoar gearwurkje wolle; Hiemstra is syn ferfanger (twadde man). Hiemstra sit ek yn de provinsjale wurkgroep *Frysk en Logopedy* (gearkomsten op 16-05-2007 en 31-10-2007) om de Provinsje de advisearjen oer hokfoar Frysktalich testmateriaal oft der ûntwikkele wurde moat. Dy wurkgroep sil yn 2008 in nij en breder karakter krije, omdat der ûnderwilens al aardich wat ynstruminten ûntwikkele binne foar bern en grutte minsken. Gerbrandy fertsjintwurdiget ús yn de Nederlânske Kommisje fan it *EBLT* (it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*). Hiemstra wie syn ferfanger by ôfwêzigens, mar is ein 2007 beneamd as fertsjintwurdiger fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* (*VLLT*), dêr't er bestjoerslid fan is en ek foar yn it (lanlik) *VLLT*-haadbestjoer sit.

By de belestingsjinst is it fersyk dien om erkenning te krijen as *ANBI* (Algemeen Nut Beogende Instelling). Hoewol't it takennen dêrfan noch net rûn is, kinne leden en oare lju dy't de *FFU* in (ekstra) jefte skinke, dy fan de belesting ôflûke. It minimum stipebedrach foar 2008 is lykas de lêste jierren ûnferoare €10, mar wat mear wurdt tige wurdearre. Us reserve is it lêste jier winliken te lyts wurden (sjoch de finansjele stikken). Meie wy by ús stribjen (wer) op jimme rekkenje?

## **B. Jiergearkomste**

Op 7 juny organisearre de *FFU* nei ôfrin fan it twajierlikse kongres *Fierder mei Frysk V* fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* (*VLLT*) yn Hotel Wyswert (CHN) te Ljouwert (in apart ferslach is tafoege). It jierferslach kriget wurdearring. De finansjele stikken wurde troch Wim Grit ynoarder befûn en de gearkomste ûntlêstget, mei tank, ús skathâlder Ed Knotter. Wim Grit wurdt adviseur foar Ed as der yngewikkelde finansjele fragen binne. Dêr binne wy wiis mei. Douwe Willemsma en Koop Scholten sille de nije kaskommisje foarmje (beide earste kear).

It jierferslach en it ferslach fan de jiergearkomste binne beide ek oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*. Dat jildt ek foar eardere ferslaggen.

## **C. Kontakten**

\*Oan te klikken op ús webstek

### **1. Organisaasjes en persoanen**

- 11 jan.: útrikking 'Fear' oan enerzjybedriuw *Frivius* te Dokkum.

- 12 jann., 17 jann., 13 febr., 13 maart, 25 april, 9 maaie, 14 juny, 3 sept., 16 nov. 19. des. oerlis oer it 'Oanfalsplan Frysk' (sjoch boppe en by 'Foarútsjoch') tusken Hiemstra (FFU, einredakteur), Dykstra (FFU), Van der Bij (RfdFB), Valk (RfdFB), Bergsma (Ped. Wurkferbân), Salverda (Fryske Akademy).
- 15 febr.: ferstjoeren jierstikken (Dykstra, Hiemstra, Knotter), Drachten.
- 15 febr.: politike jûn RfdFB oangeande it belied foar it Frysk yn 'De Bres' y.f.m. de steateferkiezings (Dykstra, Hiemstra).
- 30 maart: presintaasje yn *Tresoar* fan de publikaasje 'Friesland heeft zijn eigen verhaal. Pleidooi voor een niet-Randstedelijke geschiedeniscanon' (Leeuwarden/Utrecht: Steven Sterk, 2007) fan Kerst Huisman dy't oanbean waard oan R. Boersma, (de takomstige) foarsitter fan de Fryske kanonkommisje (Dykstra, Hiemstra).
- 26 april: debatjûn oer meartaligens (EBLT) yn 'De Bres' mei prof. A. de Swaan, prof. R. Salverda en P. Nieuwenhuijsen (sjoch ek ús webstek by 'Poadium') (Dykstra, Hiemstra).
- 27 april: ôfskie fan B. Mulder as deputearre foar kultuer en ûnderwiis (Hiemstra).
- 15 maaie en 31 okt: provinsjale wurkgroep *Frysk en Logopedy* (Hiemstra).
- 7 juny: jiergearkomste *FFU* te Ljouwert (*Wyswert*) (Dykstra, Hiemstra, Knotter en in stikmannich leden; der is in apart ferslach fan makke).
- 16 aug.: Oerlis mei ynspekteur J. Oudeboon te Grou oer it *wurdearringsramt Frysk* yn it basisûnderwiis en oare saken (Dykstra, Hiemstra).
- 29 aug.: oerlis mei de CDA-fraksje (G. Benedictus, H. Akerboom) (Dykstra, Hiemstra, Gerbrandy).
- 5 okt.: ynsprekke by it 'Committee of Experts' fan de Rie fan Europa (Dykstra, Hiemstra) (sjoch ek by Brieven 'útgien').
- 25 okt.: Ynstallaasje Fryske Kanonkommisje (*Tresoar*) (Dykstra, Hiemstra).
- 19 nov.: besite oan kbs 't *Harspit* (Ternaard); ynformaasje fan learkrêft S. Hoekstra oer de mooglikheden fan it digitale skoalboerd foar it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer (Dykstra, Hiemstra, Knotter) (sjoch ek ús webstek by 'Aktueel 2007').

## 2. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 31 maart: ôfskie L. Jansma (FA) en symposium (Dykstra, Hiemstra).
- 10-11 maaie: konferinsje *Mercator* oer 'Multilingualism and Language Learning: Measurement and Good Practice' (Hiemstra).
- 21-23 okt.: Ynternasjonale konferinsje fan *Mercator* te Ljouwert oer 'The future of Multilingual Languages Learning Policy in Europe' (Dykstra 1 dei; Hiemstra alle dagen).

## D. Brieven en oare stikken

*Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: →) en foar (ynkommen: ←) de FFU.*

*Mei \*(stjerke): oan te klikken op ús webstek*

### *Utgien:*

#### **\*12-03-2007 → Kristlike basisskoalle 't Foarhûs (Drachten): 'Fries'(2)**

Omdat wy nei hast trije moanne noch net in reaksje krige hiene, hawwe wy in twadde brief skreaun om opheldering oer it ferwaarleazgjen fan it ûnderwiis yn it Frysk op 't *Foarhûs*. Sjoch foar de foarskiednis it jierferslach oer 2006 en op ús webstek (by 'brieven 2006').

#### **\*26-03-2007 → Canon van Nederland: Bystelling steatsnasjonale Kanon**

Brief fan de *FFU* e.o. (*Ried fan de Fryske Beweging, VLLT (sekje Frysk), Fryske Rie* en it *Pedagogysk Wurkferbân (FA)*) om mear omtinken te jaan oan de Fryske taal, skiednis en kultuer yn de lanlike kanon, dy't ûntwikkele is troch de 'Commissie-Van Oostrom'. It produkt fan de saneamde 'lanlike komisje' wie net in 'lanlike kanon' wurden, mar in kanon foar 'Holland' of 'Klein Nederland' (de trijehoek Alkmaar-Amersfoort-Hoek van Holland. In kanonútstel fan Kerst Huisman mei de titel 'Friesland heeft zijn eigen verhaal' is dêr ek oan te klikken.

**15-04-2007 → Leeuwarder Courant: fragen fan M. Del Grosso oer de Ried fan de Fryske Beweging**

Antwurd op trije fragen fan de krante oer mearwearde en it funksjonearjen fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. De FFU is oansletten by de *RfdFB* en hat oanjûn dat de *RfdFB* as 'oerkoepeljende' organisaasje net opheft wurde mei, omdat 'ien' dúdlik bewegingslûd fan grutte betsjutting is en it draachflak foar aksjes dêr grutter troch wurdt.

**02-05-2007 → R. Boersma, takomstich foarsitter fan de Fryske kanonkommisje**

Brief fan de FFU en oaren (*RfdFB*, *Fryske Rie*, *Ped. Wurkferbân*, *VLLT seksje Frysk*) oer de útgongspunten foar it kanonwurk fan de kommisje-Boersma en de takomstige leden. Wy bepleitsje in 'skiednis fan de Friezen' y.p.f. in skiednis fan Fryslân en soene graach drs. Kerst Huisman beneamd sjen as ien fan de takomstige leden fanwegens syn al bewiisde fertsjinjinsten op dat mêd. Oan beide fersiken is letter foldien.

**\*20-06-2007 → Kristlike basisskoalle 't Foarhûs (Drachten: 'Fries' (3)**

Op 18-12-2006 skreauwen wy bestjoer en direksje in brief oer wat ús tocht fan it ûnderwiis yn it Frysk op dy skoalle, mei in útstel ta ferbettering. It bleau stil. Op 12-03-2007 folge in twadde brief. It bleau wer trije moanne stil. It lêste brief is op 20-06-2007 ferstjoerd. Tagelyk hawwe wy ús rjochte ta Deputearre en Provinsjale Steaten fan Fryslân en ta de ynspeksje foar it ûnderwiis (mei ús trije brieven as taheakke). Alle brieven binne oan te klikken.

**\*16-08-2007 → Ynspeksje e.o.: 'Frysk op skoalle', reaksje fan de FFU op it ynspeksjerapport 2006**

Koarte reaksje fan de FFU (Dykstra en Hiemstra) op it ynspeksjerapport *De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân* (Inspectie van het Onderwijs, sept. 2006). It is/wurdt brûkt foar de ynspeksje (16-08-2007) en foar oare belangstellenden.

**\*05-09-2007 → 'Committee of Experts' of the Council of Europe: Bydrage fan de FFU**

Ingelsktalige bydrage fan de FFU oan de harksitting (op it Provinsjehûs) fan de kommisje fan saakkundigen ('Committee of Experts') fan de *Ried fan Europa* yn ferbân mei de útfiering fan it troch Nederlân ratifisearre *Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden* (2006), dat op 1 maart 1998 yn wurking gongen is. De twadde (2004) en tredde rapportaazje (perioade 2002-'05) binne ek (noch) oan te klikken.

**22-05-2007 → Europees Platform voor het Nederlandse Onderwijs: 'Overzicht scholen voor primair onderwijs en voortgezet onderwijs met vroeg vreemdetalenonderwijs, versterkt talenonderwijs en tweetalig onderwijs in Nederland' (Den Haag, 2006)**

Reaksje fan de FFU (22-05-2007) op in brief fan it *Europees Platform voor het Nederlandse Onderwijs* (d.d. 04-05-2007; sjoch hjirûnder ek by 'ynkommen'). Wy hiene it platfoarm op 26 sept. 2006 in brief skreaun oer it feit dat it twa- en trijetalich basisûnderwiis yn Fryslân yn it boppeneamde 'overzicht' mist. Wy hiene it platfoarm frege om dêr yn in takomstich oersjoch wol omtinken oan te jaan. Omdat der gjin reaksje kaam, hawwe wy 7 desimber (2006) it platfoarm ús brief fannijs yn it omtinken brocht.

Wy hawwe it platfoarm derop attindearre der yn Fryslân net allinnich Ingelsk jûn wurdt, mar *yntegraal* trijetalich ûnderwiis (Frysk, Nederlânsk, Ingelsk) en dat de opfetting fan it platfoarm dat 'door het Nederlands als voertaal verplicht te stellen tweetalig onderwijs in de basisschool in feite verboden' is, net alhiel doocht. Sûnt 1955 is yn Fryslân *twatalich* ûnderwiis wetlik al mooglik en sûnt 1980 is it Frysk dêr in ferplichte fak.

**\*01-10-2007 → Kristlike basisskoalle 't Foarhûs (Drachten: 'Fries' (4)**

Mei dit brief rjochtsje wy ús ta de *Meisizzenskipried* fan 't Foarhûs en de *Mienskiplike Meisizzenskipried* fan PCBO-Smallingerland mei it fersyk om by direksje en bestjoer op ferbetteringsplannen oan te stean, om de keardoelen nei te stribjen en te foldwaan oan de easken dy't oan de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer steld wurde moatte (sjoch ek by 'Foarútsjoch').

Tongersdeitejûn, 4 okt. waarden skriuwer en foarsitter fan de *FFU* skille troch 'mefrou' Zantinge-Noorda fan de Mienskiplike Meisizenskipsried mei de tyngte dat se ús brief net behannelje woe, want dy wie yn it Frysk. Dat wie neffens har slim ûnfatsoenlik. Se easke in oersetting 'gewoon in het Nederlands, want we wonen toch allemaal in Nederland?' Foarsitter en skriuwer hawwe har ferdútst dat soks by ús net 'gewoon' is en dat der gjin sprake fan wêze koe.

Frou Zantinge woe ús brief dan mar ferskuorre. Wy hawwe har te witten dien dat der dan wer in nije (re)aksje fan ús kant te ferwachtsjen wie.

#### **\*10-10-2007 → Provinsje: Oanfalsplan Frysk (02-10-1007)**

Ynspraakbydrage fan de *FFU* (ek foar de *Fryske Akademy* en de *RfdFB*) by de Steatekommisje 'Boarger & Mienskip' oer it nije taalbeliedsplan 'Fan Rjocht nei Praktyk, 2008-2010' (2007) dat op de wurklist stie. 'Fan Rjocht nei Praktyk' beslacht in (te) beheinde tiid. Wy hawwe wurdearring foar de ynhâld, mar wy tinke dat der gâns mear dien wurde moat. Dat freget njonken maatregels dy't *útneogjend* en *frijbliuwend* binne (lykas yn 'Fan Rjocht nei Praktyk') ek om maatregels dy't *ferplichtings* meibringe en dy't de ekonomyske en juridyske grûnslagen fan ús taal (tige) fersterkje kinne. Dêr heart ek in effektive organisaasjefoarm by, dy't wy oantsjut hawwe as 'Sintrum foar de Fryske taal en Kultuer'. Dat alles hawwe wy mei oaren útwurke yn in 'Oanfalsplan Frysk' dat by dy gelegenheid oan de foarsitter fan de komisje oanbean is.

Us 'Oanfalsplan' en ús ynspraakbydrage kinne beide oanklikt wurde op ús webstek (by 'Publikaasjes' en 'Brieven 2007').

#### **\*19-11-2007 → Parseberjocht (foar de *Nieuwe Dockumer Courant*): besite FFU oan kbs *It Harspit* (Ternaard)**

Ferslach fan in oriïntaasjebesite fan de *FFU* oan *It Harspit* (Ternaard). Dêr hat it bestjoer him foarljochtsje litten oer de mooglikheden fan it digitale skoalboer foar it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. It ferslach hat in plak krige yn de *Nieuwe Dockumer Courant* (d.d. 22-11-2007; sjoch ek by 'Aktueel 2007', 22-11-'07).

#### ***Ynkomen:***

#### **\*16-01-2007 ← Deputearre Steaten: Provinsje lit behearsking Fryske taal ûndersykje**

It kolleezje fan Deputearre Steaten lit mei it each op de tarieding fan de konseptnoata 'Better sichtber, mear fertroud' in 'quick scan' útfiere ûnder 32.500 ynwenners om it brûken fan de Fryske taal yn de húshâldens te in hifkjen (sjoch ek by 'Aktueel': Provincie peilt behearsing Friese taal, 17-01-2007 (A-LC)). De *Quickscan taalbehearsking* is op dit plak oan te klikken op ús stek.

#### **\*18-01-2007 ← Ryk (Ministearje OCW): Fries in het onderwijs**

Minister M.J.A. van der Hoeven (OCW) lit de Earste Keamer witte dat de tredde rapportaazje oan de *Ried fan Europa* oer it troch Nederlân tapassen fan it *Europeesk Hânfêst* foar't neist yn de maitiid fan 2007 ree komme sil. It ynspeksjerapport 'De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân' (2006) is (mei) opsteld om te foldwaan oan de ferplichtings dy't de ratifikaasje fan it hânfêst jout. De minister referearret oan it debat op 21 juny 2005 en seit ta "[...] dat ik er zorg voor draag dat de relevante kwaliteitsaspecten voor het Fries in het onderwijstoezicht worden opgenomen". Nei desennia fan tsjinakseljen en ferwaarleazging fan de kwaliteitskontrôle op it Frysk troch OCW (en de ynspeksje) is dit brief in histoarysk momint en sadwaande op dit plak ek oan te klikken op ús stek.

#### **04-05-2007 ← Europees Platform voor het Nederlandse Onderwijs**

It *Europees Platform* reagearret op ús brief fan 07-12-2007. It beheint him yn syn oersjoch oer it twatalich ûnderwiis noch altiten ta it fuortset ûnderwiis. Efteryn it oersjoch (s. 86) ferwiist it platfoarm wol nei Fryske ynstellings (trije adressen dêr't ynformaasje frege wurde kin oer it Frysk yn it ûnderwiis) en merkt op: 'Wij zullen overwegen in het overzicht van scholen bij de kop Friesland een opmerking op te nemen die naar het Fries verwijst en doorverwijzen in wat nu pagina 86 is'. Wy hawwe it platfoarm yndachtich makke op it him ûntwikkeljende trijetalich ûnderwiis (Nederlânsk/Frysk/Ingelsk) yn Fryslân.

**\*29-06-2007 ← Inspektie van het Onderwijs: Toetsing taal- en ûnderwiisbelied op skoallen**

Reaksje fan de *Inspektie van het Onderwijs* op ús klacht (FFU-brief fan 21-06-2007; sjoch by 'Brieven ynkommen, 2007) oer it tekoartsjittend ûnderwiis yn de kbs 't *Foarhûs* te Drachten. Wy kinne net hielendal gelokkich wêze mei it andert fan de ynspeksje. Dat it 'onderwiisleerproces over het geheel genomen voldoende' achte wurdt op dy skoalle, miskent tefolle de betsjutting fan goed ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer en it wichtich plak dat soks ynnimme moat yn de beoardieling fan de skoallen. Wy binne bang dat de ynspeksje der by syn eardere besite(n) net of amper nei sjoen hat. Us brief en it andert binne oan te klikken. Dat jildt ek foar ús fiif oare brieven oer de kwestje.

**\*21-08-2007 ← Ryk (OCW): Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer, de Trijetalige Skoalle en it Frysk yn de Grûnwet: Toetsing taal- en ûnderwiisbelied op skoallen**

Antwurden fan OCW-steatssekretaris Sharon A.M. Dijkma op fragen fan de Fryske Keamerleden Atsma, Jacobi en Zijlstra oer de útfiering fan de *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001*, de *Trijetalige Skoalle* en it *Frysk yn de Grûnwet*. De fragen en antwurden binne op dit plak oan te klikken.

**\*02-11-2007 ← MMR PCBO-Smallingerland (Hinke Zantige): Frysk op 't Foarhûs en oare skoallen**

Koart, neatsizzend en net ûndertekene briefke fan de *Mienskiplike Meisizzenskipsried* (MMR) fan *PCBO-Smallingerland* op ús brief fan 01-10-2007 (sjoch boppe en by 'Foarútsjoch'). Yn dat lêste briefke stiene wy der by de direksje(s) en bestjoer op oan om de kearndoelen nei te stribjen en te foldwaan oan de easken dy't oan de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer steld wurde moatte. Net allinnich de iepenens dy't 't *Foarhûs* neffens harren eigen skoalgids altiten neistribbet, mar ek dy fan de MMR falt ús net ta.

**\*01-12-2007 ← Meisizzenskipsried basiskoalle 't Foarhûs (Drachten): It Frysk op 't Foarhûs**

Ynkommen brief fan de Meisizzenskipsried fan 't *Foarhûs* dêr't yn suggerearre wurdt dat it ûnderwiis yn it Frysk neffens de rjochtlinen fan de ynspeksje jûn wurdt en dat Deputearre Steaten har gjin soargen meitsje oer it Frysk ûnderwiis op 't *Foarhûs*. De direkteur hat lykwols yn de krante sels tajûn dat it ûnderwiis yn it Frysk 'op een laag pitje' stiet. De FFU is fan betinken dat it gâns better kin en moat en beriedt him op in ferfolchaksje.

**E. Publisiteit**

\*Oan te klikken op ús webstek. Artikels en/of aktiviteiten fan FFU-bestjoersleden dy't pleatst binne of omtinken krige hawwe yn guon media.

***Frijbûtsjer***

- Maaie 2007, oprop fan de FFU yn de *Frijbûtsjer* (nû. 379, s. 5) (blêd fan de FNP) om help by it folgjen en neiplúzjen fan de wet- en regeljouwing op it mêd fan it Frysk en it kloklieden om misstannen op it mêd fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer mei ús oan te pakken (\*'Poadium', maaie 2007).

***Swingel***

- nû. 17, 2007, artikel fan Sytze T. Hiemstra ûnder de kop 'Hoe fierder mei de Fryske kanon?' (s. 4-7) oer it stribjen fan de FFU om ta in Fryske kanon te kommen (\*'Publikaasjes', 2007);
- nû. 17, 2007, artikel fan Ed Knotter ûnder de kop 'Fiersichten op it Frysk' (s. 9) oer de ynspraak- en diskusjêjûn yn it ramt fan de *Fryske Fiersichten* op 7 nov. 2006, wêrby't Knotter de wichtichste doelstellings fan FFU ynbrocht hat;
- nû. 18, 2007, oprop fan de FFU ûnder de kop 'De FFU freget om help' (s. 16) om mear stipe fan ús efterban en oare Frysksinnigen by it útplúzjen fan de wet- en regeljouwing op it mêd fan it Frysk en by it kloklieden om misstannen op it mêd fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer mei ús oan te pakken (\*'Poadium', sept. 2007);
- nû. 18, 2007, koart jierferslach fan de FFU oer 2006 (s. 21-22);

- nû. 19, 2007, artikel fan Sytze T. Hiemstra ûnder de kop 'De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (I)' oer de opfettings fan de FFU (en oaren) oangeande de needsaak fan in dúdlike taalstandert en it geef brûken fan it Frysk troch meiwurkers fan *Omrop Fryslân* (s. 6-11) (\*'Publikaasjes', 2007).

#### ***Leeuwarder Courant***

- 21-06-2007: krantestikje (op side 1) ûnder de kop 'Feriening Frysk Underwiis wil actie tegen basisschool'. De aksje fan de FFU waard fierd yn de rjochting fan de kbs 't *Foarhûs* (Drachten), de ûnderwiisynspeksje en de Steaten fan Fryslân (DS en PS) (\*'Aktueel', 21-06-'07);  
- 14-12-2007: 'Dwers' fan Pieter de Groot ûnder de kop 'Rop om standertfrysk foar Omrop yrreel'; in reaksje op Hiemstra syn *Swingel*-artikel (nû. 19, 2007; sjoch boppe) oer 'De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (I)' (\*'Poadium', 14-12-'07).

#### ***Friesch Dagblad***

- 27-03-2007: krantestikje ûnder de kop 'Laatste pleidooi voor 'verfriezing' van canon' oer de oprop fan de FFU e.o. oan de kommisje-Van Oostrom (kommisje 'Ontwikkeling Nederlandse canon') om de Fryske taal en kultuer in (folle) wichtiger plak te jaan yn de lanlike skiednis (nû. 27-03-2007);  
- 21-06-2007: krantestikje ûnder de kop 'Protest 'ûntfryskjen' lessen basisschool' oer de aksje fan de FFU yn de rjochting fan de kbs 't *Foarhûs* (Drachten), de ûnderwiisynspeksje en de Fryske Steaten (DS en PS) (\*'Aktueel', 2007, 21-06-2007);  
- 11-10-2007: ferslach ûnder de koppen 'Dit provinciaal taalbeleid zal het Fries niet redden' (s. 1) en 'Fries moet functie-eis worden' (s. 14) oer it ynsprekken by, it oanbieden en taljochtsjen fan it *Oanfalsplan Frysk* troch de FFU (T. Dykstra) út namme fan in wurkgroepke (FFU, RfdFB, FA) oan de Steatekommisje 'Boarger & Mienskip' op 10 okt. '07 (\*'Aktueel', 10-10-'07).

#### ***Nieuwe Dockumer Courant***

- 22-11-2007, ferslach ûnder de kop 'Digitaal skoalboerd' yn de *Nieuwe Dockumer Courant* fan de besite fan de FFU oan kbs *It Harspit* te Ternaard y.f.m. de mooglikheden dy't it digitale skoalboerd biedt foar it trijetalich ûnderwiis (\*'Aktueel', 22-11-'07 en by 'Utgien 2007', 19-11-2007).

#### ***Entoen.nu en verder***

- 17-05-2007, F. van Oostrom e.o., *Entoen.nu en verder, De canon van Nederland*, dl. C (Amsterdam University Press, 2007, s. 26-27); yn dit boekwurkje, in haadlinereaksje, wurdt yn inkele alinea's troch de kommisje-Van Oostrom yngongen op de krityk fan de FFU (yn 'e mande mei *Kerst Huisman*) op it feit dat de 'Fryske' skiednis, benammen as beskiedend elemint yn de earste tûzen jier fan de saneamde 'Nederlânske' skiednis (dus nei it begjin fan de jiertelling), yn de lanlike kanon amper of net op it aljemint komt (\*'Poadium', 17-05-2007).

#### **Webstek FFU**

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide net út ein set op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwynt dy't wy fan belang achtsje foar de (oerdracht) fan de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin. Der leit in nauwe relaasje tusken binnen en bûten. It tal 'pageviews' wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378. It tal besikers is oer de trije jier besjoen dus aardich stabyl. De measten komme út Nederlân (95,4%), dan út Amearika (FS) (1,3%), Dútslân (1,3%). Sa'n 7 oare lannen sitte ûnder de 1%.

Mei in fernijd webstek (2008) en (ek) in eigen domeinnamme ([www.ffu-frl.eu](http://www.ffu-frl.eu)) hoopje wy it tal 'besikers' omheech te krijen. It ferskaat oan relevante ynformaasje op ús stek besykje wy grutter te meitsjen.

## Foarútsjoch

1. Lykas yn de ynlieding sein, is der yn it ôfrûne jier wer gâns wurk ferset troch in navenant lyts tal minken. It *FFU*-bestjoer sil him lykwols mei gauwens ferbreedzje en ferdjipje moatte, oars is it te kwetsber. Us oprop om stipe of help (mei sinten of minskkrêft) bliuwt dus stiif oereinstean.

2. Sytze T. Hiemstra hat gâns wurk ferset foar it skriuwen en redigearjen fan in konsept foar ús oanfalsplan, dat op ûnderdielen oanfolle en ferbettere is troch oaren. Renze W. Valk hat dêryn de grûnslach lein foar in haadstik oer in *Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer*. De definitive tekst is yn de earste moanne fan 2008 fêststeld en yn dat jier sil it ek yn in beheinde papieren oplage (fan in pear hûndert eksimplaren) fermannichfâldige wurde. It kin dan brûkt wurde foar belangstellenden en belanghawwenden, bygelyks foar beliedsamtners, ûnderwiislju, maatskiplike organisaasjes, regionale en lokale politisy, wittenskippers en sjoernalisten (it is op ús webstek fansels ek oan digitaal oan te klikken).

Yn de earste helte fan 2008 (maaie) sil der foar 't neist in konferinsje of sympoasium ('expert-meeting') troch *Mercator* (Fryske Akademy) nei oanlieding fan en oer ús *Oanfalsplan Frysk* organisearre wurde yn *It Aljemint*. De Steatekommisje *Boarger & Mienskip* (Provinsje Fryslân) hat útsprutsen dat it organisearjen fan sa'n moeting fan saakkundigen fan belang achte wurdt en tinkt mei oer de ynfolling. Benammen de sektoaren ûnderwiis, soarch, bedriuwen (ekonomy) en de media sille fan tinken sintraal stean. Der sille yn dat ramt ek publyksfreonlike artikels skreaun wurde foar kranten en omroppen. De oanset wurdt jûn troch Pier Bergsma.

It is de bedoeling dat de oanfalsplangroep de skriftlike rapportaazje fan it sympoasium bestudearret en in aksjeplan opstelt foar de polityk, de oerheid en publike sektoaren. De *Ried fan de Fryske Beweging* (Jaap van der Bij en Renze W. Valk) wol yn 2008 yn dat ramt ek de boer op mei it koarte 'ferhaal fan it Frysk', dat (mear) ornearre is foar organisaasjes lykas dy fan de plattelânsfroulju. De Ried wol yn soksoarte fermiddens it aksint lizze op it belang fan it oerdragen fan it Frysk troch jonge heiten en memmen oan harren bern.

3. Wichtich is ek it ta stân kommen yn 2007 fan in *wurdearringsramt* fan de ûnderwiisynspeksje om it basisûnderwiis yn it Frysk evaluearje te kinnen. Wy hawwe ús bydrage dêrta levere en hoopje dat it aanst fertuten dwaan sil. Us ûnderfinings mei guon skoallen (bgl. de *Máxima*-skoalle [Suderbuorren] te Ljouwert en 't *Foarhûs* [De Trisken] te Drachten) meitsje de driuwende needsaak dêrfan wol hiel dúdlik. Soksoarte fan skoallen wolle fan ús ornaris net oannimme dat se tekoartsjitte. Brieven of oare kontakten helpe amper wat. Troch in omwei, it ûnderwiiswurdearringsramt Frysk fan de Ryksynspeksje foar it Underwiis, hoopje wy ús doelen better en effektiver berikke te kinnen.

Wy achtsje it needsaaklik om inselde soarte fan wurdearringsramt foar it *fuortset ûnderwiis* en it *middelber beropsûnderwiis* te ûntwikkeljen en ferwachtsje dêr it kommand jier oan by te dragen. Om it ûnderwiis yn it Frysk goed hifkje te kinnen, sille ek (nije) toetsingsmiddels foar de Fryske taal en kultuer (bgl. skiednis) ûntwikkele wurde moatte, om de foarderings fan en trochgeande linen by de learlingen objektyf, betrouber en falide mei fêststelle te kinnen.

Noch altiten is it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer by it spesjaal (fuortset) ûnderwiis net oanpakt troch de Provinsje. Wy hoopje yn 2008 op ferbettering en sille dan (wer) ús bydrage leverje.

## It bestjoer

